

DE TRIJE DAGEN FAN PEASKE

Wite Tongersdei

wyt

EVANGELYSK-LUTHERSK TSJINSTBOEK

Introitus

Nos autem gloriari

Antifoan

Wy meie der lykwols foar bewarre bliuwe
om oait op wat oars grut te gean as op it
krús fan ús Hear Jezus Kristus, yn wa't ús
heil is, ús libben en ferrizenis, troch wa't
wy ferlost en befrijd binne.

(neffens Galatiërs 6:14)

Psalm

Mei God ús geunst en segen jaan,
mei Hy it antlit oer ús ljochtsje litte,
dat se op 'e ierde witte meie hoe't Jo dogge
en by alle folken, hoe't Jo helpe.

(Psalm 67:2-3)

of: (berime)

Ps. 67

*Yn dizze tsjinst wurdt it Gloria songen. Under dy lofsang kinne de klokken
let wurde, dy't dêrnei swije oant yn de peaskenacht.*

Gebed fan 'e dei (Collecta)

Hear Jezus Kristus,

Jo hawwe oan jo lêste Nachtmiel

troch jo hillich teken ús opdroegen

om jo libben en stjerren te betinken.

Jou ús, sa bidde wy,

dit geheim fan jo lichem en bloed sa te fieren,

dat wy de frucht fan jo ferlossing

alle dagen ûnderfine meie.

Jo, dy't libje mei de Heit en de hillige Geast,

iennich God,

hjoed en alle dagen.

Amen.

Tora

Exodus 12:1-11

Graduale

Ps. 81:1,2,3,4,5,8,9,14

Epistel

1 Korintiërs 11:20-32

Evangeelje

Johannes 13:1-15 [17]

Liet fan 'e dei

Ges. 364: Dit meie Jezus' freonen noait
ferjitte

Gebed fan 'e dei (jier A-B-C)

Foar't Hy de dea yngong, o God,
hat Hy, jo leave Soan,
troch it útrikken fan brea en wyn
syn minsken ien makke
mei syn oerjefte oan Jo
en syn ferbûnens mei ús.
Lit ús yn dat geheim
aloan wer in boarne fine
fan leafde en libben yn oerfloed.

jier A-B-C

Gebed fan 'e dei

Wy binne bliid, God,
dat wy jûn it peaskemiel fiere meie,
om foar inoar te dwaan
wat jo Soan ús foardien hat.
Iepenje ús hert
foar jo befrijend Wurd
om de woldied te ûndergean
dy't Jo ús yn hannen lizze:
Jezus Messias, ferjouwing fan sûnden,
brea, brutsen foar it lok
fan alle minsken,
dizze goede dagen en ús hiele libben.
Amen.

Tora	Exodus 12:[1] 15-20
Antwurdpsalm	Psalm 81 of Psalm 116
Evangeelje	Johannes 13:1-15

Nei de preek wurdt op dizze jûn de belidenis fan it leauwe net bidden.

Gebed oer de jeften

Hear, ús God,
wy bringe Jo tank
yn ús jeften,
yn brea en wyn.
Meitsje ús dizze jûn
en yn jo keninkryk

ien mei jo Soan,
om 'e wille fan Him
dy't Himsels oan it uterste ta
tsjinstber makke hat
foar alle minsken,
Kristus, ús Hear.
Amen.

Prefaasje

Ja, it is goed,
it is ús plicht en freugde,
dat wy Jo tankje en priizgje,
oeral en altyd,
o God fan Israel.
Jo, Hear fan alle machten,
want altyd binne Jo trou bleaun
en noait binne Jo tichterby ús kommen
as yn jo eigen Soan,
Jezus Kristus, ús Hear.
Op dizze jûn sizze wy Jo tank,
om't Hy, doe't syn oere kommen wie,
yn syn grutte leafde dit miel
oan syn learlingen jûn hat,
dat wy syn dea ferkundigje meie
oant Er komt,
en mei Him feestfiere yn syn keninkryk.
Dêrom ferkundigje wy
mei ingels en aartsingels
en mei alle himelske machten,
jo grutte en hearlike namme
en wy priizgje Jo foar altyd en sizze:

of:

Ja, heech te priizgjen binne Jo,
Hear, ús God,
want Jo hawwe jo folk befrijd
út eangst en tsjuster.
Yn 'e nacht binne Jo foar ús útgien,
ljochtsjend as fjoer,
en troch it wetter fan 'e dea
bringe Jo ús nei in lân

fan rike frede.
Heech te priizgjen binne Jo
om jo Soan Jezus Kristus, ús Hear,
dy't oan it uterste ta
sines dy't yn 'e wrâld wienen,
leafhân hat;
dy't yn 'e nacht foar syn lijen
mei syn learlingen oan tafel siet
en harren brea en wyn jûn hat
as teken fan libben foargoed.
Sa sille wy, ferlost troch syn dea,
en opwekke troch syn ferrizenis,
diele yn syn hearlikheid.
Dêrom, mei ingels en aartsingels
en mei alle himelske machten
loovje en ferhearlikje wy
jo gloarjefolle namme
en priizgje wy Jo aloan en wer en sizze:

Hillich...

Yn it tafelgebed begjinne op dizze jûn de ynsettingswurden sa:

Yn 'e nacht dat Er oerlevere waard,
DAT IS YN DIZZE NACHT,
hat Hy it brea nommen...

Gebed nei it miel
God fan leafde,
Jo hawwe ús sterke mei jo jeften:
it brea út 'e himel
en de wyn fan it keninkryk.
Wy bidde Jo:
bliuw by ús,
ek yn 'e nacht dy't komt.
Lit ús noait allinne,
sels net yn 'e dea.
Dat bidde wy Jo
yn 'e namme fan Him,
dy't ús foargien is nei Jo,
Jezus, de Libbene.
Amen.

Nei it gebed wurdt de nachtmielstafel ôfomme.

Dêrmei wurdt sûnder ynlieding ien fan ûndersteande evangeeljestikken lêzen:

Johannes 14:15-31 of Mattéus 26:30-46a

Ynpleats kin ek songen wurde:

Getsémané, yn nachtlík skaad berutsen (Ges. 180)

De tsjinst kin ôfsletten wurde mei it jûnsgebed út 'e lutherske tradysje:

Hear, bliuw by ús,

want it is jûn wurden en de nacht stiet te kommen.

Bliuw by ús en by jo hiele tsjerke

oan 'e jûn fan 'e dei,

oan 'e jûn fan it libben,

oan 'e jûn fan 'e wrâld.

Bliuw by ús

mei jo genede en goedens,

mei jo treast en segen,

mei jo Wurd en sakramint.

Bliuw by ús,

as oer ús komt

de nacht fan fersiking en eangst,

de nacht fan twivel en oanstriid,

de nacht fan 'e hurde en bittere dea.

Bliuw by ús

yn libben en yn stjerren,

yn tiid en ivichheid.

Amen.

De tsjinst slút ôf yn stilte.

De nachtmienstafel is leech.

De tsjinst begjint yn stilte.

Gebed (sûnder: Lit ús bidde)

Almachtige en barmhertige Heit,
ivige God,

troch it lijen fan jo Soan,

Jezus Kristus, ús Hear,

hawwe Jo de macht fan 'e dea,

dy't swier op ús allegearre leit, oerwûn.

Jou ús, sa bidde wy Jo,

dat wy syn libben en stjerren sa tankber betinke,

dat ús sûnden ferjûn wurde

en wy troch syn opstanning yngean meie

yn it libben fan 'e takommende ieu.

Troch ús Hear Jezus Kristus, jo Soan,

dy't mei Jo yn 'e ienheid fan de hillige Geast

libbet en regearret yn alle ivichheid.

Amen.

of:

Betink, o God fan genede,

al jo dieden fan ûntferming

en spried jo segenjende earmen út

oer ús en alle minsken

foar wa't Jo eigen Soan

sa'n pine útstien hat,

ferachting, fernedering, ferlittenens,

oant yn 'e djipste djipten.

Troch Him, Jezus Kristus, jo Soan, ús Hear,

dy't mei Jo yn 'e ienheid fan de hillige Geast

libbet en regearret yn alle ivichheid.

Amen.

of:

Ferburgen God,
 in minske, deadlik ferlitten,
 in Man fan smerten
 stelle Jo ús as teken fan libben.
 Wy bidde Jo om 'e wille fan syn lijen:
 sterkje ús yn it leauwe
 dat Jo ús net allinne litte,
 dat wy op Jo fertrouwe kinne
 by alles wat oer ús komt,
 hjoed en oan 'e ein fan ús dagen ta.
Amen.

DE SKRIFT

EVANGELYSK-LUTHERSK TSJINSTBOEK

Profeten	Hosea 6:1-6
[Tora	Exodus 12:21-33]
Graduale	Ps. 140
Evangeelje	Johannes 18 - 19
Liet fan 'e dei	Ges. 178: Jezus, namme ús sa nei

MIENSKIPLIK LÊSROASTER

Jier A-B-C

Tora	Exodus 12:[1] 21-28
Profeten	Hosea 6:1-6 <i>of, as dat op Palm- en Passysnein net lêzen is:</i> Jesaja 52:13 - 53:12
Antwurdpsalm	Psalm 22
Brieven	Hebreeërs 9:11-15
Evangeelje	Johannes 18:1 - 19:42

It evangeelje kin troch trije stimmen lêzen wurde (evangelist, Kristus, de oaren). De lêzing kin ôfwiksele wurde mei lieten. De lêzing kin ek hielendal songen wurde troch kantorij en gemeente.

FOARBEA

De foarbea wurdt sa sein:

*In diaken of gemeentelid bringt hieltyd in gebedsyntinsje ûnder wurden.
 Dan folget in koarte gebedsstilte.*

De foargonger fettet hieltyd de tinzen en stille beaen gear yn in gebed dat ôfslút mei:

Troch Jezus Kristus ús Hear.

Amen.

l.: diaken of lektor, g.: gemeente, f.: foargonger

l. Bruorren en susters,
lit ús yn frede bidde.

I FOAR DE TSJERKE

l. Lit ús bidde foar de tsjerke,
it lichem fan Kristus,
ferspraat oer de hiele wrâld:
om stânfêstens yn it leauwe,
om frede en ienriedigens.
Lit ús de Hear bidde:

... *gebedsstilte* ...

f. God, ús Heit,
yn Jezus Kristus hawwe Jo jo minskeleafde
iepenbiere foar alle folken.
Lit jo tsjerke in plak fan frede wêze,
in thús foar mannichien.
Lit sa jo tsjerke rûnom op ierde
mei in fêst leauwe úthâlde
yn it beliden fan jo Namme.
Troch Jezus Kristus, ús Hear.

g. **Amen.**

II FOAR AMTSDRAGERS EN ALLE LEAUWIGEN

l. Lit ús bidde foar
dy't it Wurd fan God betsjinje
en foar de hiele mienskip fan 'e leauwigen
Lit ús de Hear bidde:

... *gebedsstilte* ...

f. Goede God,
troch jo Geast liede Jo allegearre
dy't ta jo tsjerke hearre.

Wês mei harren dy't Jo
mei ynmoed tsjinje,
dat se de ferwachting fan jo Ryk
libben hâlde.

Troch Jezus Kristus, ús Hear.

g. **Amen.**

III FOAR DE LEARLINGEN FAN IT LEAUWE

l. Lit ús bidde foar de learlingen fan it leauwe
(*dy't har taryede op 'e doop*)
en foar de jonge leden fan 'e tsjerke.
Lit ús de Hear bidde:

... *gebedsstilte* ...

f. God, Jo dy't it iene geslacht nei it oare
de minskebern roppe
om jo Namme te beliden,
fermearderje yn 'e learlingen fan it leauwe
en yn allegearre dy't opwaakse
ynlik leauwe en ynsjoch yn jo ferburgenheden,
dat se trouwe leden wurde meie
fan 'e gemeente fan Jezus Kristus, ús Hear.

g. **Amen.**

IV FOAR DE IENHEID FAN ALLE KRISTENEN

l. Lit ús bidde foar de ienheid fan allegearre
dy't de namme fan Kristus drage.
Lit ús de Hear bidde:

... *gebedsstilte* ...

f. God, goede Hoeder,
Jo bringe wer gear dy't ferdield binne,
Jo bewarje yn jo frede dy't byinoar binne.
Sjoch genedich del op 'e keppel fan jo Soan,
bring de mienskip werom tusken allegearre
dy't nei syn namme neamd binne
en ferbyn harren troch ien bân fan leafde
yn Jezus Kristus, ús Hear.

g. **Amen.**

V FOAR ISRAEL

- l. Lit ús bidde foar Israel,
troch de Hear roppen
as earstling ûnder de folken.
Lit ús de Hear bidde:

... *gebedsstilte* ...

- f. Betroubere God,
Jo hawwe Abraham en syn neiteam
jo beloften tabetroud,
dat dy in segen wêze soenen
foar alle folken.
Bewarje jo folk by dat ferbûn
en lit mei hasten de dei fan 'e Messias komme,
dat it lân fan belofte
in lân fan freugde wêze sil
foar al jo minskebern.
Troch Jezus Kristus, ús Hear.
- g. **Amen.**

VI FOAR ALLEGEARRE DY'T NET YN GOD LEAUWE

- l. Lit ús bidde foar allegearre dy't de HEARE sykje
en foar dy't Him net sykje,
foar dy't God oanroppe sûnder Him te kennen.
Lit ús de Hear bidde:

... *gebedsstilte* ...

- f. God fan alle minsken,
ûnrêstich is it hert yn ús.
Rûnom sykje wy Jo,
boarne fan ús libben,
sin fan ús bestean.
Jou Josels oan ús te kennen, sa bidde wy Jo,
dat wy rêst fine yn jo leafde
dy't oan gjin minske foarbysjocht
en gjin hert foarby giet.
Troch Jezus Kristus, ús Hear.
- g. **Amen.**

VII FOAR DE GESACHSDRAGERS

- l. Lit ús bidde foar dy't mei macht beklaaid binne
en dy't de folken fan 'e ierde regearje.
Lit ús de Hear bidde:

... *gebedsstilte* ...

- f. O God, Jo boppe alle machten út,
ferljochtsje mei jo wysheid
allegearre dy't yn ús wrâld ferantwurdlikens drage.
Stean harren by,
dat se jo skepping tsjinje sille
en jou frede yn ús dagen,
dat de wrâld in wenplak wurdt
fan frijheid en feilichheid,
foar elkenien in lân fan molke en hunich.
Troch Jezus Kristus, ús Hear.
- g. **Amen.**

VIII FOAR DY'T YN NEED BINNE

- l. Lit ús bidde foar dy't yn need binne,
foar dy't swak binne en dy't stroffele binne,
foar dy't treurje, dy't siik binne en dy't stjerre moat-
te,
foar dy't iensum binne of ferstjitten,
foar dy't troch honger ferswakke binne,
foar dy't derûnder hâlden wurde,
foar de flechtlingen en foar dy't fêst sitte.
Lit ús de Hear bidde:

... *gebedsstilte* ...

- f. Barmhertige God,
Jo dy't treurjenden treaste en de swakken stypje,
dy't rjocht dogge oan dy't derûnder hâlden wurde,
en de hongrigen brea jouwe,
Jo dy't in thúsbiede oan dy't fan hûs en hiem fer-
balle binne
en dy't in taflecht binne foar de ferlittenen, -
harkje dochs nei dy't yn need Jo oanroppe,
dat se har ferbliidzje meie oer jo barmhertigens,
dy't minsken ferlosse

fan 'e grime, bittere dea.
Troch Jezus Kristus, ús Hear.

g. **Amen.**

IX FOAR DE GEMEENTE

l. Lit ús ús gebeden beslute
en bidde foar elkoar,
foar allegearre dy't hjir binne
en foar dy't hjir misse;
foar allegearre dy't ús leaf binne
en foar de hiele gemeente.
Lit ús de Hear bidde:

... *gebedsstilte* ...

f. O God,
jo barmhertigens is de ein fan wei,
jo goedens hat gjin grinzen.
Lied dy't Jo by de hân krige hawwe fierder
en weidzje jo keppel troch jo Soan,
it Peaskelaam dat foar ús slachte is.
Hy, dy't ús troch de dea
oerbrocht hat nei it libben:
ús Heare Jezus Kristus, jo Soan,
dy't mei Jo yn 'e ienheid fan de hillige Geast
libbet en regearret yn alle ivichheid.

g. **Amen.**

KRÚSMEDITAASJE

Hy droech ús smerten

*Nee, Hear, it bin de Joaden net, dy't har misgiene,
dy't fûl fan haat Jo bruiden foar't ûnhillich rjocht,
dy't fol fan smaad Jo spuiden yn ûnsill'ge nocht
en foar Pilatus' stoel as jo beskuld'gers stiene.*

*Nee, de soldaten net, dy't yn har spot feriene,
oan 't flokte hout Jo sloegen, dat Jo deastriid brocht,
dy't jittik joegen, doe't jo mûle om fochte socht
en om jo lêste klean noch dobbelen en diene.*

*Ik bin it sels, o Hear, ik ha Jo spuid en slein,
ik bin de swiere balke, Jo op 't skouder lein,
ik bin it strymjend string, dat sà jo lea skansearre,*

*de spiker en de spear, de gisel dy't Jo sloech,
de bloedbedripte kroane dy't jo holle droech,
want om myn sûnden, Jezus, barde 't allegearre.*

(Jacobus Revius)

Der kin in krús delset wurde op in plak dêr't elk it sjen kin.

De foargonger of kantor sjongt:

*O wûnder krús, o heimenis,
fan 't offerhout dat Kristus droech.*

Kom, lit ús Him oanbidde,

Kom, lit ús Him oanbidde.

of:

O wûnder krús, o heimenis (Ges. 192)

*Under it sjongen fan de Klacht fan God kin de gemeente nei foaren komme
en in krúshulde bringe (Liturgyske sangen 131-132).*

**Myn folk, wat haw Ik dy misdien
en wêr kaam Ik dy mei op it sear?**

- 1 Ik ha dy befrijd út 'e hân fan 'e fijân
dy ret út 'e macht fan in wrede tiran.
Mar do hast dyn neiste de roede net sparre
en brochstest dyn meiminske slim yn it near.

**Myn folk, wat haw Ik dy misdien
en wêr kaam Ik dy mei op it sear?**

**Myn folk, wat haw Ik dy misdien
en wêr kaam Ik dy mei op it sear?**

- 2 Ik bin mei dy gien alle dagen en nachten
en wiisde dy wegen fan wierheid en rjocht.
Mar do hast yn oermoed in greep nei de macht dien
en naamste it rjocht fan 'e sterkste foar kar.

**Myn folk, wat haw Ik dy misdien
en wêr kaam Ik dy mei op it sear?**

- 3 Ik stie foar dy noed, want do wieste myn wynhûf,
wat koe ik noch mear en noch oars foar dy dwaan?
Mar wrang binn' de fruchten dy't Ik fan dy garre,
en wrang is de wyn en mislearre it feest.

**Myn folk, wat haw Ik dy misdien
en wêr kaam Ik dy mei op it sear?**

- 4 Ik ha de demoanen ferdien en ferjage
en joech dizze hearlike wrâld oan dy oer.
Mar do hast de folken tamtearre en pleage,
do rûpelst har út ta dyn sier en dyn tier.

**Myn folk, wat haw Ik dy misdien
en wêr kaam Ik dy mei op it sear?**

- 5 Ik skoep alle seeën en fiif kontinenten
om brêgen te slaan fan frede en rjocht.
Mar do hast de ierde yn stikjes ferparte
fan mines en dines, fan minder en mear.

**Myn folk, wat haw Ik dy misdien
en wêr kaam Ik dy mei op it sear?**

- 6 Ik joech dy de loftten yn 't folste betrouwen,
kolommen fan wolken en pylders fan ljocht.
Mar do hast de himel mei ûnrant befolke,
in deadelik fjoer fan ferdjerren betocht.

**Myn folk, wat haw Ik dy misdien
en wêr kaam Ik dy mei op it sear?**

- 7 Ik struide it fruchtbere sied oer de fjilden
en makke fan d' ierde in kostbere tún.
Do hast fan it iten in wapen dy makke
en weeg'rest dyn neiste it brea en de wyn.

**Myn folk, wat haw Ik dy misdien
en wêr kaam Ik dy mei op it sear?**

- 8 Ik joech dy it suverste wetter en wellen
en streamen fan libben foar al wat beweecht.
Mar do hast de seeën ferdoarn en fersmoarge,
rivieren hast makke ta iepen rioel.

**Myn folk, wat haw Ik dy misdien
en wêr kaam Ik dy mei op it sear?**

- 9 Ik sloech wa't fol skimp en fol spot dy ferhúnden,
Ik hearde dy roppen, Ik seach dyn fertriet.
Mar do hast de eagen en earen bedutsen
foar swalkers, ferballe fan hûs en fan hiem.

**Myn folk, wat haw Ik dy misdien
en wêr kaam Ik dy mei op it sear?**

- 10 Ik ha foar dy noed stien en woe datsto wieste
in taflecht foar wa't gjin beskerming mear hie.
Do hast yn myn namme de minsken fertrape,
do hast nea net omsjoen nei wa't oan dy rôp.

**Myn folk, wat haw Ik dy misdien
en wêr kaam Ik dy mei op it sear?**

Wêrom hasto Kristus opnij oan it krús slein?
Myn folk, jou My antwurd.

of:

**Hagios ho Theos, Sanctus Deus, Hillige God,
Hagios Ischyros, Sanctus Fortis, Hillige Sterke,
Hagios Athanatos, eleison himas,
Sanctus Immortalis, miserere nobis,
Hillige Unstjerlike, ûntfermje Jo oer ús.**

*Under de krúshulde kinne ek oare hymnen songen wurde, lykas:
Sjong myn tonge, yn wolbehagen (Ges. 186)
Gods findels bin yn de oanfal gien (Ges. 185)
O wrâld, dyn heil, hoe wûnder (Ges. 193)*

*De krúsmeditaasje wurdt besletten mei in hymne, bygelyks
No sinkt it ljocht (Ges. 195)*

EINGEBED en/of US HEIT

Lit ús bidde

... *gebedsstilte* ...

Hillige en ûnstjerlike God,

hjir steane wy foar Jo

mei lege hannen,

minsken yn in wrâld

dêr't hate en skeel is,

ûnrjocht en fertriet;

befrij ús dêrfan

troch de krêft fan de leafde

dy't sterker is as de dea.

Om 'e wille fan Him

dy't in minske fan leafde wie

en om ús allegearre in Man fan smerten waard,

Jezus, jo Soan, ús libbensljocht,

dizze oere en oant yn ivichheid.

Amen.

De tsjinst hâldt yn stilte op.

Sneon yn 'e Stille Wike

Op dizze sneon toevet de tsjerke by it grêf fan har Hear, sjocht hja werom op syn lijen en stjerren en libbet hja yn 'e ferwachting fan 'e opstanning.

Op dizze dei kin in moarnsgebed holden wurde.

Psalmgebed

Psalm 4; 16; 24; 27; 64; 116; 142

Jesaja 38:10-14, 17-20 (Ges. 29: Yn it bloeien fan myn dagen)

Jona 2 (Ges. 40: Bin Jo myn God)

Lêzingen

Sjoch it Roaster fan lêzingen by it deistich gebed, side 1226 en 1240

of:

Kleilieten

Hebreeërs 2:5-18 [4:14-16; 5:7-9]

1 Petrus 3:17-22

Ferrizenis fan ús Hear Jezus Kristus Peaskewacht

wyt

Earste foarm

IT LJOCHT

Op in gaadlik plak – bûten it tsjerkegebou of oars by de yngong – wachtet it Peaskefjoer. As it kin, giet de gemeente om dat fjoer hinne stean. As it noch net baarnt, stekt immen it oan. De foargonger seit:

Ivige God, Skepper fan himel en ierde,
Jo hawwe it ljocht, dat troch Jo skepen is
ornearre om foarút te wizen nei Jo,
nei jo ljochtsjende wierheid,
nei jo leafde en goedens.

Jo hawwe ta it tsjuster sprutsen
en der wie ljocht.

Yn in pylder fan fjoer binne Jo jo folk foargien
troch tsjusternis en woestyn.

Wy loovje Jo om 'e wille fan it fjoer
fan jo neibyens.

Amen.

As gjin peaskefjoer oanstutsen wurdt, komt de gemeente op 'e wenstige wize gear yn tsjerke. Dan komme ek de foargongers mei de peaskekears nei de yngong fan 'e tsjerke. Dy is net of amper ferljochte.

De foargonger hâldt de peaskekears omheech en seit:

Kristus, hjoed en juster,
Begjin en Ein – Alfa en Omega,
Sines binne tiid en ivichheid,
hearlikheid en hearskippij,
yn alle ivichheid.

Amen.

As de peaskekears oanstutsen is, seit de foargonger:


Mei it ljocht fan Kristus
dy't yn hearlikheid ferrize is,
it tsjuster út ús libben ferdriuwe.

De nacht is foarbygien,
de dei is oanbrutsen:

de sinne fan 'e gerjochtichheid
giet oer ús op.
Amen.

DE YNTOCHT FAN IT LJOCHT

No folget de yntocht mei it ljocht. As de gemeente bûtendoar of by de yngong fan 'e tsjerke gearkommen is, giet hja efter de peaskekears en de foargongers oan de tsjerke yn. Allegearre stekke hja har kearsen oan 'e peaskekears oan of jouwe it ljocht oan elkoar troch, nei't by de yngong de diaken of de kantor songen hat:



Ljocht fan Kris - tus! Hear, wy tan - kje Jo.

Healwei de tsjerke wurdt no foar de twadde kear op in wat hegere toan songen:
Ljocht fan Kristus. **Hear, wy tankje Jo.**

As de foargongers foar yn 'e tsjerke kommen binne, wurdt foar de tredde kear, op in wer wat hegere toan, songen:
Ljocht fan Kristus. **Hear, wy tankje Jo.**

As de kearsen al net by de yngong oanstutsen binne, stekt no elkenien har of syn kears oan it ljocht fan 'e Peaskekears oan. De ljochten yn tsjerke wurde oandien.

DE LOF FAN IT LJOCHT

De peaskekears wurdt op 'e stander set. Elkenien bliuwt stean as de diaken of de kantor en de gemeente yn wikselsang de peaskejubel sjonge.

Lit jûchje alle hill'ge ing'lekoaren,
lit jûchje om dy grutte Kening,
jubelje om syn oerwinning!
Lit de trompetten klinke fier yn it rûn!
Fol freugde wês ek de ierde,
omstriele troch sa'n hearlikheid!
De gloarje fan de ivige Kening!

Wês de ierde fol fan freugde,
om't alle tsjusternis ferjage is.
Yn gloarje stiet Gods tsjerke no op ierde
en jûchjend klinke peasquesangen.

Lit no ek ús eigen timpel
lûd wjerklinke fan ús jubelliet.

**Lit jûchje it hiele koar fan Gods gemeente,
lit jûchje om sa'n grutte Kening,
jubelje om syn oerwinning!
Lit de trompetten klinke fier yn it rûn!**

De herten heech!

Wy hawwe ús hert by de Hear.

Bringe wy tank oan de Heare, ús God.

Him komt ús tankberens ta.

Ja, Jo komt ús tankberens ta,
Heit en Hear fan al wat bestiet.
Mei hert en siel sjonge wy Jo lof ta
om Jezus Kristus, jo Soan,
waans bloed ús frijheid en ferjouwing brocht hat.
Hy is it Peaskelaam, dat ta rêding fan Gods folk
yn dizze nacht foar ús offere is.
Yn dizze nacht teach Israel út Egypte
en gong mei droege fuotten troch de Reade See.
Yn dizze nacht wiisde in blinkend ljocht it paad,
it ljocht dat alle tsjusternis ferdriuwet.
Yn dizze nacht hat Jezus Kristus
de bannen fan 'e dea ferbrutsen
en is Hy as oerwinner opstien út 'e deaden.

Hoe goed binne Jo, Heare God,
hoe tige hawwe Jo ús leafhân.
Jo hawwe jo Soan jûn foar ús befrijing;
syn krúsdea hat ús skuldigens útsoene,
ús lot hat Hy te'n goeden keard.
Dit is de hillige nacht,
dat it tsjuster ferdwynt en sûnde ferjûn wurdt,
freugde komt foar drôvens yn 't plak,
in lokkige nacht, dat God en minsken inoar fine.

Hillige Heit, nim yn dizze gloarjefolle peaskenacht
it lofliet oan, dat de tsjerke Jo tasjongt,
no't se har ljocht oanstutsen hat.
Lit dat ljocht folút skine,
moarn en alle dagen

yn alles wat wy dogge,
yn ús hiele libben.
Lit it wêze as de Kristus dy't ferriisd is,
de Moarnsstjerre, dy't, no't er ienkear opgien is,
nea of te ninter ûndergean sil.

Wy bidde Jo, Hear, Jo dy't ús skepen hawwe,
jou frede yn ús dagen,
lit de freugde fan dit peaskefeest
altyd foar ús bliuwe,
troch Jezus Kristus, jo Soan, ús Hear.

**Lit jûchje it hiele koar fan Gods gemeente,
lit jûchje om sa'n grutte Kening,
jubelje om syn oerwinning!
Lit de trompetten klinge fier yn it rûn!**

De gemeente giet sitten.

DE LEZINGEN (jier A, B, C)

No folgje de lêzings, dêr't yn ta útdrukking komt hoe't God yn it ferline en hjoed syn folk hieltyd wer befrijt út 'e macht fan need en dea. Foar dizze wacht, dy't troch Augustinus 'de mem fan alle nachtwachten' neamd is, wurde sân lêzings foarsteld, dêr't op syn minst fjouwer fan dien wurde sille. De earste en de tredde lêzing geane oer de skepping en de úttocht. Dy sille yn alle gefallen dien wurde.

Elke skriftlêzing wurdt beäntwurde mei in psalm of bibelsk gesang (canticum). Dêrnei komt hieltiten in gebed.

EARSTE SKRIFTLÊZING: Genesis 1:1 - 2:3
Psalm 33:6-9 (berime Ps. 33:2)

Lit ús bidde.

... gebedsstilte ...

Hear ús God, wûnderlik hawwe Jo alles skepen
en noch wûnderliker hawwe Jo de minske ferlost.
Jou ús dan, sa bidde wy, in iepen each
om út te sjen nei jo nije skepping,
dat wy diele meie yn 'e ivige freugde.
Troch Jezus Kristus, ús Hear.

Amen.

TWADDE SKRIFTLÊZING: Genesis 22:1-18
Psalm 16:5-11 (berime Ps. 16:1,2,3,4)

Lit ús bidde.

... *gebedsstilte* ...

God, dy't jo ferbûn bewarje,
it iene geslacht nei it oare,
jo útkarde tsjinner Abraham
harke fol betrouwen nei jo ropstim
en ferblide him yn jo tasizzing
dat yn him alle geslachten fan 'e ierde segene wêze soenen.
Lit ús diele yn it betrouwen,
dat Jo jo beloften oan ús ek neikomme sille.
Troch Jezus Kristus, ús Hear.

Amen.

TREDDE SKRIFTLÊZING: Exodus 14:15 - 15:1a
Exodus 15:1b-3 [21] (Ges. 6:1: No sjong ik de Hear en no lovet
myn liet)

Lit ús bidde.

... *gebedsstilte* ...

God, ús Ferlosser,
Jo hawwe it roppen fan jo folk heard
en jo tsjinner Mozes stjoerd
om it út te lieden út 'e slavernij.
Befrij ús ek fan 'e tyranny fan sûnde en dea
en bring ús ûnder de lieding fan jo Geast
nei it lân dat Jo ús tasein hawwe.
Troch Jezus Kristus, ús Hear.

Amen.

FJIRDE SKRIFTLÊZING: Jesaja 54:4-14
Psalm 30:2-6 (berime Ps. 30:1,2)

Lit ús bidde.

... *gebedsstilte* ...

Barmhertige God,
fermearderje ta eare fan jo Namme,
wat Jo ús âffaars tasein hawwe
om 'e wille fan har leauwen.
Meitsje troch de genede

de bern fan 'e belofte machtich yn tal
dat de gemeente fan jo Soan sjocht
wat foar de profeten by âlds
sa fêst stie as in hûs.
Troch Jezus Kristus, ús Hear.
Amen.

FIIFDE SKRIFTLÊZING: Jesaja 55:1-11
Jesaja 12:1-6 of in psalm

Lit ús bidde.
... gebedsstilte ...
Machtige God,
troch de krêft fan jo Wurd
hawwe jo alle dingen skepen
en troch jo Geast fernije Jo de ierde.
Jou no it wetter dat libje lit
oan allegearre dy't toarst hawwe nei Jo,
dat hja rynske fruchten
drage meie yn jo keninkryk.
Troch Jezus Kristus, ús Hear.
Amen.

SECHSDE SKRIFTLÊZING: Ezechiël 36:24-28
Psalm 51:9-15 (berime Ps. 51:4,5)

Lit ús bidde.
... gebedsstilte ...
Trouwe God,
ivige boarne fan krêft en ljocht,
wy bidde Jo:
lit de hiele wrâld ûnderfine
hoe't Jo wer oprjochtsje wat kniesd is,
fernije wat toar en deadsk is
en alles wer yn 't lyk bringe
troch jo trou en genede.
Troch Jezus Kristus, ús Hear.
Amen.

SÂNDE SKRIFTLÊZING: Sefanja 3:12-20
Psalm 126

It gebed dêr't de tsjinst fan 'e lêzings mei ôfsletten wurdt, is hieltyd:

Lit ús bidde.

... gebedsstilte ...

Trouwe God,

Jo wolle troch alles wat wet en profeten ferkundigje ús bemoedigje en sterkje.

Jou, sa bidde wy,

dat wy troch it úthâlden en de fertreasting dy't de Skrift ús jout,

aloan hoopje en betrouwe op jo tasizzings.

Troch Jezus Kristus, ús Hear.

Amen.

It Evangelysk-Luthersk Tsjinstboek jout de folgjende tolve lêzings neffens âld-kristlik gebrûk:

Genesis 1:1 - 2:3

Genesis 5-8

Genesis 22:1-19

Exodus 12:1-11

Exodus 14:24 - 15:1

Jesaja 54:17 - 55:11

Barûch 3:9-38 (- 4:4)

Ezechiël 37:1-14

Jesaja 4:2-6

Jona 3:1-10

Deuteronomium 31:22-30

Daniël 3:1-23

DOOP EN DOOPBETINKING

Under it sjongen fan Psalm 42 komt de gemeente gear by it doopfont. (As dat net kin, giet elkenien stean).

Psalm 42:2-6 (berime Ps. 42:1,2,3)

Bruorren en susters,

de apostel Paulus skriuwt:

‘Witte jim net dat wy allegearre

dy't yn Kristus doopt binne

yn syn dea doopt binne?

Mei Him binne wy begroeven

troch de doop yn 'e dea

dat ek wy, lykas Kristus

út 'e dea opwekke is

troch de hearlike macht fan de Heit,
as nije minsken libje soenen'.

Lit ús dan,
ien mei de tsjerke fan alle tiden en plakken,
mei de apostels en martlers,
mei alle hilligen dy't ús yn it leauwe foargien binne
en mei de hiele skepping dy't yn 'e weeen leit
as in frou dy't in bern kriget,
roppe ta de libbene God
om syn ûntferming en genede.

Hjirnei folget de

Litany mei alle hilligen

Liturgyske sangen 135-136

DOOPGEBED

De diaken of in oar gemeentelid jit wetter yn it doopfont. De peaskekears wurdt troch in diaken of immen oars fan 'e kandler nommen en by it doopfont hâlden. It ljocht fan 'e peaskekears wurdt, as dat nedich is, op 'e nij oan elkenien trochjûn. De foargonger en de gemeente bidde steande by it doopfont it sûntfloedgebed:

De Hear wês mei jim.

En mei jo geast.

Heevje jimme herten op.

Wy hawwe ús hert by de Hear.

Lit ús de Hear ús God tanksizze.

Him komt ús tankberens ta.

Ja, weardich binne Jo, hillige, ivige,
dy't Hear fan alle machten binne,
om ús tank te ûntfangen,
want de grutte floed oer de wrâld,
dat is 't, dêr't wy bang foar binne
as in rjochtfearlich oardiel;
mar Jo binne de God fan Noäch
en fan it behâld fan alle skepsels.
De grutte ôfgoadyske macht,
de fijân fan jo bern,
hawwe Jo ûndergean litten
yn 'e Reade See fan 'e befrijing,
mar Israel, jo folk,
hawwe Jo troch alle djipte helle.

Jo hawwe yn 'e wei dy't jo Soan,
ús Hear, gien is yn syn doop,
ek de deads-Jordaan hillige,
en alle wetter dat ús oerweldiget
reinigje Jo ta in oerfloed fan heil;
sa bidde wy dan:

Hear, ûntfermje Jo!

Untfermje Jo, Hear, oer jo gemeente,
jo leafde en jo ûntferming is de ein fan wei;
wol ús oansjen yn genede
en troch jo hillige, skeppende Geast
ien meitsje mei jo Soan, de Minske fan Peaske.

Lit sa jo hiele gemeente
mei de Messias
begroeven wurde
yn 'e deadsdjipte fan syn Peaske;
lit jo hiele gemeente
mei de Messias
opstean ta in nij libben;
lit jo hiele gemeente
it messiaanske merkteken drage,
it findel fan jo Keninkryk,
en lit har libje
al har dagen
achter ús Foargonger oan,
mei in wier leauwe,
mei goede hope
en mei in ynlike leafde,
werberne út wetter en Geast.

De foargonger kin no de peaskekears yn it wetter dompelje.

Wy bidde Jo,
lit de libbenskrêft fan de hillige Geast
as in stoarm oer dit wetter gean,
dat allegearre dy't troch de doop
mei Kristus begroeven binne
ek mei Him
út it grêf ferrize en libje sille.

Ja, lit ús allegearre
mei jo treast

en sûnder frees
dit libben ferlitte, om yn te gean
en te ferskinen foar
de Messias op syn rjochterstoel
op 'e einichste dei.

Sa bidde wy troch Him,
Jezus de Hear,
dy't mei Jo, Heit,
en de hillige Geast,
ús iennichste God,
libbet en regearret yn ivichheid.
Amen.

De peaskekears wurdt wer op 'e kandler set.

FERSAKING EN BELIDENIS FAN IT LEAUWE
Bruorren en susters,
yn 'e doop binne wy mei Kristus begroeven
om mei Him opwekke te wurden ta it libben.
Dêrom freegje ik jimme
dy't yn dizze nacht amen sizze wolle
op jimme doop (*learlingen fan it leauwe*)
en jimme allegearre dy't jim doop betinke wolle (*gemeente*),
lit jim hearre en antwurdzje my:

Wolle *jim/jo* de HEAR *jim/jo* God tsjinje
en nei syn stim allinne harkje?
Ja, dat wol ik.

Wolle *jim/jo jim/jo* fersette tsjin alle machten
dy't as goaden oer ús hearskje wolle?
Ja, dat wol ik.

Wolle *jim/jo* alle slavejok fan *jim/jo* ôfsmite
en libje yn 'e frijheid fan Gods bern?
Ja, dat wol ik.

Skamje *jim/jo* dan net om de Kristus te beliden
want it evangeelje is in krêft fan God
ta behâld fan elkenien dy't leaut:
en antwurdzje yn mienskip
mei de tsjerke fan alle ieuwen:

Leauwe *jim/jo* yn God de Heit, de Almachtige,
Skepper fan himel en ierde?

Ja, ik leau.

Leauwe *jim/jo* yn Jezus Kristus,
syn iennichstberne Soan, ús Hear,
dy't ûntfongen is fan de hillige Geast,
berne út 'e faam Maria;
dy't lit hat ûnder Pontius Pilatus,
krusige, stoarn en begroeven is,
deltein yn it deaderyk,
de tredde deis opwekke fan 'e deaden,
opfearn nei de himel,
en no sit oan 'e rjochterhân fan God, de almachtige Heit;
dêr't Er weikomme sil om te oardieljen
de libbenen en de deaden?

Ja, ik leau.

Leauwe *jim/jo* yn de hillige Geast?
Leauwe *jim/jo* de hillige, katolike tsjerke,
de mienskip fan 'e hilligen,
de ferjouwing fan 'e sûnden,
de ferrizenis fan it lichem, en it ivige libben?

Ja, ik leau.

DOOP(BETINKING)

As der dopelingen binne, wurde dy no doopt. Foar de betsjutting fan 'e hillige Doop sjoch TA DE EARETSJINST III 'Doop en Belidenis'.

Elkenien dy't doopt is, kin nei foaren komme en mei it wetter út it doopfont in krús meitsje op foarholle, boarst en skouders as teken fan it amen-sizzen op 'e doop. Underwilens kin in liet songen wurde, bg. Gesang 247: No skept de hill'ge Geast in nij begjin folslein.

As de gemeente wer te stoel en te bank is, seit de foargonger:

Mei de almachtige God,
de Heit fan ús Heare Jezus Kristus,
dy't ús werberne wurde litten hat
út wetter en hillige Geast
en ús de ferjouwing fan ús sûnden jûn hat,
ús troch syn genede bewarje
ta ivich libben yn Kristus, ús Hear.

Amen.

IT MIEL FAN DE HEAR

De gemeente bliuwt stean en sjong it Gloria. Under it Gloria kinne de klokken let wurde.

GEBED FAN IT FEEST

Lit ús bidde

...gebedsstilte...

O God, dy't dizze alderhillichste nacht ferljochtsje troch de gloarjefolle ferrizenis fan jo Soan, jou ús, dy't doopt binne yn syn dea, dat wy mei Him opstean meie ta it libben, en as nije minsken nei lichem en siel jo gemeente tsjinje en oan jo tawijd libje meie.

Troch Jezus Kristus, ús Hear, dy't mei Jo yn 'e ienheid fan de hillige Geast libbet en regearret yn alle ivichheid.

Amen.

of:

Jo, dy't dizze hillige nacht ferljochte hawwe troch de gloarje fan it peaskegeheim, meitsje ús libben troch jo Geast, dat wy ferrize as soannen en dochters fan Jo en as nijberne minsken Jo besjonge en belide as de God fan ús libben.

Troch Jezus Kristus, ús Hear, jo Soan, dy't mei Jo yn 'e ienheid fan de hillige Geast libbet en regearret yn alle ivichheid.

Amen.

Epistel	Kolossers 3:1-4
Halleluja	Halleluja! Loovje de HEARE, want Hy is goed, ivich duorret syn geunst. Halleluja!
Evangeelje	jier A Mattéus 28:1-10 [20] jier B Markus 16:1-8 jier C Lukas 24:1-10 [11]

GEBED OER DE JEFTEN

Sterke God,

Jo hawwe jo Soan opwekke út 'e dea.

Yn Him fernije Jo jo hiele skepping.

Wy bidde Jo,
dat wy Him yn dizze jeften fan brea en wyn
kenne meie
as de opstiene Hear,
dy't hearsket oer libben en dea,
hjoed en alle dagen, oant yn ivichheid.
Amen.

De prefaasjes fan Peaske binne oanjûn yn 'e ûnderskate Tafelgebeden.

GEBED NEI IT MIEL

Hear, lit oer ús jo Geast fan leafde komme.
Meitsje allegearre
dy't har mei Jo ferbûn witte
ien fan hert en sêdzje harren mei de jeften
dy't Jo yn dizze peaskefiering jûn hawwe.
Troch Kristus, ús Hear.
Amen.

of:

Jo, Skepper fan himel en ierde,
wy tankje Jo foar dizze nacht,
no't Jo jo ljocht oer ús opgean litte
yn Jezus, jo Soan.
Wy tankje Jo foar de hoop op libben
dy't Jo yn ús wekker roppen hawwe.
Wy tankje Jo,
dat wy nei jo Wurd harkje meie
en sjonge fan jo goede trou oan ús.
Dêrom bidde wy Jo:
dat it sa bliuwe mei,
dat wy lokkich wêze meie
om it libben dat Jo jouwe,
dat wy jo folk wêze meie
en Jo ús God,
alle dagen en nachten fan ús libben,
oant yn ivichheid.
Amen.

FUORTSTJOEREN EN SEGEN

Gean hinne yn 'e frede fan de Hear. Halleluja.
Lof en tank oan God. Halleluja.

As einliet kin songen wurde:

Ps. 150

Peaskewacht

Twadde foarm

Dizze foarm is tige gaadlik om it wachtkarakter fan 'e Peaskenacht ta útdrukking te bringen. De wacht begjint op 'e jûn fan Peaskesneon, yn alle gefallen nei sinne-ûndergong. De wacht kin yn in koarte foarm hâlden wurde en duorret dan sawat like lang as de earste foarm. De wacht kin ek de hiele nacht duorje. De fiering fan 'e opstanning fynt dan plak by it lemieren fan 'e dei.

Der baarnt yn tsjerke ûnder de peaskewacht net mear ljocht as nedich is.

IEPENING

read of pears

De gemeente stiet en sjongt

Ps. 134

of:

Ps. 130

of:

Wachter, hoelang is 't noch nacht?

De moarntyd komt, seit de wachter,

mar noch is it nacht. (Gezangen voor Liturgie 467)

DE LEZINGEN

Der binne ûnderskate rigen fan lêzings mooglik. Yn 'e earste foarm fan 'e Peaskewacht binne de rigen fan it Evangelysk-Luthersk Tsjinstboek en it Mienskiplik Lêsroaster oanjûn. De Seksje Earetsjinst fan 'e Rie fan Tsjerken yn Nederlân jout inkele oare mooglikheden oan, wylst ek yn oare publikaasjes alternativen te finen binne. Yn elke rige sille alteast de skepping, it ferbûn, it lijen, de úttocht en it weromkommen út 'e ballingskip oan 'e oarder komme.

Nei elke lêzing wurdt in psalm of liet songen. De lêzings kinne op ferskate manieren aktualisearre wurde. Oan 'e ein dêrfan komt hieltyd in ôfslutend gebed. Foar elke lêzing en it ferarbeidzjen dêrfan wurdt hieltyd in healoere rekkene. Nei elke lêzing mei aktualisearring kin efkes skoft hâlden wurde.

De rige lêzings wurdt uterlik foar sinne-opgong ôfsletten.

DE FERKUNDIGING FAN 'E FERRIZENIS

wyt

Wylst it noch tsjuster is, geane de foargonger(s) en as it kin ek de fierdere gemeenteleden nei bûten of nei de yngong fan 'e tsjerke. Dêr is op in gaadlik plak it peaskefjoer reemakke. Immen stekt it fjoer oan (as it al net baart). De foargonger seit:

Ivige God, Skepper fan himel en ierde,
Jo hawwe it ljocht, dat troch Jo skepen is
ornearre om foarút te wizen nei Jo,
nei jo ljochtsjende wierheid,
nei jo leafde en goedens.

Jo hawwe ta it tsjuster sprutsen
en der wie ljocht.

Yn in pylder fan fjoer binne Jo jo folk foargien
troch tsjusternis en woestyn.

Wy loovje Jo om 'e wille fan it fjoer
fan jo neibyens.

Amen.

It ferhaal fan it stjerren, de begraffenis en de ferrizenis wurdt lêzen:

Mattéus 27:45 - 28:20

of allinne it ferhaal fan 'e ferrizenis:

Mattéus 28:1-10

*Dy ferhalen kinne ek lêzen wurde út it evangeelje neffens Markus,
Lukas of Johannes.*

De foargonger hâldt de peaskekears fêst en seit:

Kristus, hjoed en juster,
Begjin en Ein – Alfa en Omega,
Sines binne tiid en ivichheid,
hearlikheid en hearskippij,
yn alle ivichheid.

Amen.

As de peaskekears oanstutsen is, seit de foargonger:


Mei it ljocht fan Kristus
dy't yn hearlikheid ferrize is,
it tsjuster út ús libben ferdriuwe.

De nacht is foarbygien,
de dei is oanbrutsen:
de sinne fan 'e gerjochtichheid
giet oer ús op.

Amen.

DE YNTOCHT FAN IT LJOCHT

No folget de yntocht mei it ljocht. De gemeente giet efter de peaskekears en de foargongers oan de tsjerke yn. Allegearre stekke hja har kearsen oan 'e peaskekears oan, nei't by de yngong de diaken of de kantor songen hat:



Ljocht fan Kris - tus! Hear, wy tan - kje Jo.

Healwei de tsjerke wurdt no foar de twadde kear op in wat hegere toan songen:
Ljocht fan Kristus. **Hear, wy tankje Jo.**

As de foargongers foar yn 'e tsjerke kommen binne, wurdt foar de tredde kear, op in wer wat hegere toan, songen:
Ljocht fan Kristus. **Hear, wy tankje Jo.**

As de kearsen al net by de yngong oanstutsen binne, stekt no elkenien har of syn kears oan it ljocht fan 'e Peaskekears oan. De ljochten yn tsjerke wurde oandien.

DE LOF FAN IT LJOCHT

De peaskekears wurdt op 'e stander set. De gemeente bliuwt stean by it sjongen fan de peaskejubelsang.

Peaskejubelsang, sjoch side 134-136

DOOP EN DOOPBETINKING

sjoch side 139-143

IT MIEL FAN DE HEAR

It Miel fan de Hear begjint mei de foarbea en de fredegroet.

GEBED OER DE JEFTEN

Sterke God,

Jo hawwe jo Soan wekker roppen út 'e dea.

Yn Him fernije Jo jo hiele skepping.

Wy bidde Jo, dat wy yn dizze jeften fan brea en wyn

Him werkenne meie

as de opstiene Hear,

dy't hearsket oer libben en dea,

hjoed en alle dagen, oant yn ivichheid.

Amen.

De prefaasjes fan Peaske binne oanjûn yn 'e ûnderskate Tafelgebeden.

GEBED NEI IT MIEL

Hear, lit oer ús jo Geast fan leafde komme.
Meitsje allegearre dy't har mei Jo ferbûn witte
ien fan hert
en sêdzje harren mei de jeften
dy't Jo yn dizze peaskefiering jûn hawwe.
Troch Jezus Kristus, ús Hear.
Amen.

of:

Jo, Skepper fan himel en ierde,
wy tankje Jo foar dizze nacht,
no't Jo jo ljocht oer ús opgean litte
yn Jezus, jo Soan.
Wy tankje Jo foar de hoop op libben
dy't Jo yn ús wekker roppen hawwe.
Wy tankje Jo
dat wy nei jo Wurd harkje meie
en sjonge fan jo goede trou oan ús.
Dêrom bidde wy Jo:
dat it sa bliuwe mei,
dat wy lokkich wêze meie
om it libben dat Jo jouwe,
dat wy jo folk wêze meie
en Jo ús God,
alle dagen en nachten fan ús libben,
oant yn ivichheid.
Amen.

FUORTSTJOEREN EN SEGEN

Gean hinne yn 'e frede fan de Hear. Halleluja.
Lof en tank oan God.

As einliet kin songen wurde:

Ps. 150